Liturgy

Snein 8 novimber 2026

Hurdegaryp Nieuw Perspectief

Foargonger Ds Piet Beintema

Oargel Joop de Jong



Ôkundigingen

Momint fan stilte

Liet 103C: 1, 3

1 Lit de Kening priizge wêze,
wy bestean yn syn geduld,
want ús libben is genêzen
en ferjûn is al ús skuld.
Wol de Kening lof tasjonge
oant Hy jim aanst moetsje sil!

3 Yn syn trou sil Hy ús sparje,
Hy slacht op ús swakkens acht.
Altyd sil Er ús bewarje
tsjin de kweade en syn macht.
Wol jim Heilân lof tasjonge
dy' t it ljocht is yn de nacht.

Bemoediging, groetenis

Drompelgebed

Pear wurden foarôf

Liet 103C: 4

4 Wy binne_as de simmerblommen,
komt de wyn dan is it dien,
mar wylst minsken gean en komme
is Gods gloarje noait fergien.
Wol de Heare lof tasjonge,
ivich sil syn ryk bestean.

Gebed om ûntferming

Liet 1010: 1,2,4

1 O Hear, wol frede skinke,
de wrâld is yn gefjocht.
Hoe moai de wurden klinke, de sterkste nimt it rjocht.
It ûnrjocht slacht op ierde rûnom foar master op,
ferlern giet elke wearde, o Heare, hear ús rop.

2 O Hear, wol frede skinke,
wy wachtsje al sa lang.
Rêd ús want wy fersinke, de minsken binne bang,

fertsjustere is de sinne, ús leauwe net sa grut;
lit, Hear, ús net allinne, o Jezus, sprek jo wurd.

4 O Hear, wol frede skinke,
bekear ús fûle hert.
Lit ús jo leafde_oertinke en brek ús blyn ferset.
Lit mûle_en hân har foegje nei jo gerjochtichheid
en fan jo frede tsjûgje: dy frede wint it pleit.

Skriftlêzing: Genesis 28: 10-22

Liet 247: 1, 2,3

1 Hear, bliuw my nei by ' t fallen fan ' e jûn,
it lêste ljocht is oer de kimen rûn.
Ik haw gjin help en alle treast wurdt wei,
wês Jo myn helper, Hear, o bliuw my nei.

2 Wês by my no' t de sinne ûndergiet.
Alles wurdt dôf wat gloede_en glâns besiet;
en meidertiid wurdt al wat moed joech wei,
mar Jo binne_ivich Hear, o bliuw my nei.

3 Gjin oere kin ik bûten Jo bestean,

sûnder jo leafde moat ik ûndergean.
Wêr fyn ik hâld en wa wiist my de wei?
By nacht en ûntiid, Hear, o bliuw my nei.

Skriftlêzing: Matteüs 25: 14-30

Liet 974: 1,2,5

1 Jou yn ús libben, God,
jo leafde dy' t de toan set,
dan drage wy dy oer, troch Jo ta sjongen oanset.
De bûtenwrâld seit ús gjin goede wurden oan.
Jou ynsjoch yn jo doel; fernij ús hert aloan.

2 Wy binne ien en mien
troch jo genede gearbûn.
Yn leafde ha Jo ús talinten yn behear jûn,
om by te dragen ta inoarrens fleur en tier.
Ienriedich meitsje wy jo leafde iepenbier.

5 God, wol gjin minskebern
jo goede geunst ûntkeare.
Befrij ús fan it kwea dat ús sa faak beneare.
Jo goede trou oer ús wie wis al oan ' t begjin;

fêsthâldend bliuwe Jo oant skielk jo leafde_oerwint.

Preek

Liet 942: 1,3

1 Ik stean foar Jo yn leechte en gemis,
frjemd is jo namme, tsjuster binn' jo wegen.
Jo binn' myn God, sûnt minskeheugenis –
dea is myn lot, ha Jo gjin oare segen?
Binn' Jo de God by wa' t myn takomst is?
O Hear, ik leau, mar ' k bin dermei ferlegen.

3 Sprek Jo it wurd, myn hert ta treast en hâld,
dat my befrijt en opnimt yn jo frede.
Brek troch de dize fan myn lytse wrâld,
mei ' t kleare ljocht fan jo goedgeunstichheden.
Wês hjoed myn brea, it teken fan behâld.
Jo binn' dochs sels de siel fan myn gebeden.

Gebeden, stilte, Ús Heit

Us Heit yn ' e himel,
lit Jo namme hillige wurde,

lit Jo keninkryk komme,
lit Jo wil dien wurde op ierde
likegoed as yn ' e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden sa' t
wy ús skuldners ek ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan ' e kweade.
Want Jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid
oant yn ivichheid.
Amen.

Kollekte

Liet 422

1 Lit de wurden, al jo wurden,
reitsje ús yn ' t moed,
dat wy fruchten drage, no en alle dagen
en dan komt it goed.

2 Lit ús witte, nea ferjitte,
Jo hawwe_ús fersein:

sêfte krêften kinne alle macht oerwinne,
frede sûnder ein.

3 Lit ús hoopje, bidde_en hoopje,
dat de leafde wint en dêr dan by bliuwe,
libje út it leauwe dat Gods ryk begjint.

Segen